

De trûbadoer :

skreaun foar de trûbadoersjûnen fan 2002
útbrocht op de CD "Der tuskenút"

eartiids brocht er nijs mei in protte sensaasje
wê't er mar kaam mei syn luit of syn lier
no is hy dekôr foar de ferdivedaasje
syn fersterker fersterket de omset fan't bier
kaam hy yn in herberch: elts hong oan syn lippen
se dronken syn lieten en fregen om mear
se hingje oan de bar no in pilske te wippen
en freegje: dochst dy fan Frank Bauer in kear?

F A Dm F7
Bes F G7 C7
Gm Dm Bes Dm
Gm F C7 F
F A Dm F7
Bes F G7 C7
Gm Dm Bes Dm
Gm F C7 F

kearsang: trûbadoer
dat is tsjintwurdich in hiele toer
trûbadoer
dêr is tsjintwurdich hast neat fan oer

Bes Des As Bes
Bes Des Es Bes
Bes Des As Bes
Bes Des Des C7

foar 'mans' en in slokje song hy syn ferhalen
en freg' er om slieplak, dan wie dat net raar
no fret it publyk fan de salm en garnalen
en krôkje se lûder as syn gitaar
en dochs wurdt er frege yn doarpskroech of tinte
al baalt er dat nimmen noch heart nei syn liet
mar ek hy hat in hypotheek op syn klinte
en dus kin it net oars as dat er hjir stiet

kearsang:

brechje: mar wat der ek bart en wat ik ek fiel
mei ielt op 'e fingers en ielt op 'e siel
somsiden "kwatta" dan wer in rol drop
lit my mar spylje, dûbeld fel foar de kop

As Bes
As Bes
As Bes
As G7 C7

hy spilet foar earmen, hy spilet foar riken
wat dat oanbelanget feroaret der neat
mar syn manager regelt syn drokke wiken
hy hat sponsors en fans en wurdt subsidieard
op elk sjongfestifaltsje komt er fanwegen
en karrièreplanning, hy wit hoe't it heart
hy makket CD's as siet men ferlegen
syn klips kin men dellade fan't ynternet

kearsang: